

Ferslach fan de mienskiplike ekskurzje fan it GWF.fan.de.Fryske.Akademy en de Afdeling.Friesland.van.de.NGV op 13 septimber 2025.


It “reiske” gie dit jier nei it Skipfeartmuseum yn Snits. De organisaasje lei yn hannen fan it GWF. Der wiene 30 persoanen oanwêzich.

It programma hie twa tema’s: foar it skoft hold de âldskipper Pier Sijbranda fan Snits in ferhaal oer de dongfeart yn it begjin fan de foarige iuw en nei it skoft giene de besikers yn twa groepkes ûnder begelieding fan twa frijwilligers fan it museum de ferskate romten fan it gebou troch.

De ynliding fan Pier Sijbranda bestie út trije parten:

- *De komôf fan de sprekker*
- *Ûndersyk nei de dongfarderij*
- *De skippers en har skippen yn de oarloch*

1. Pier Sijbranda is in ôfstammeling fan in famylje dy’t har al meardere generaasjes taleine op de skipperij. Sels is hy berne op it skip (foto: fan it model fan Pier syn berteskip yn it museum). Syn heit en mem



stamme út in skipperslaach en ek syn pakes en omkes bedarren yn de skipfeart. De measten ha de silerij noch meimakke, letter koene se motors yn har skippen yn bouwe. Elk naam de frachten oan dy’t foar hannen wiene. Har fargebiet wie Nederlân, België, Frankryk en Dútslân. Ek Sijbranda syn frou Feikje Boomsma komt út in skipperslaach en hjoed de dei rjochtet de rederij Boomsma út Snits him benammen op de “grutte faart”.

2. Pier Sijbranda syn heit Marten hat yn syn wurksame libben altyd de tochten dy’t hja makken koart beskreaun: datum mei fertrek, oankomst, de lading en sa nedich de opdrachtjouwer. De famyljes fan de Sijbranda’s en de besibbe Vissermannen mochten ek graach oer har wederwarichheden fertelle en dy op papier fêstlizze. Yn de earste helte fan de 20^e iuw leine de Snitser skippers mei noch inkele oaren har ta op it ferfier en de ferkeap fan dong oan de



bollekwekers yn de bollestreek. Lykas by de turffarderij hiene de skippers twa mooglikheden: se ferfierden de dong yn opdracht fan in keapman en krigen dan de frachtpriis betelle of sy kochten sels de stront by de Fryske boeren yn en ferkochten dat ek sels wer oan de bollekwekers yn Hollân. Mei al dy doarpsopfearten wiene de boeren wol te berikken as se har dong oan it opslach brochten, mar hiel faak laden de skippers de dong earst yn preammen om it

letter oer te laden yn it skip dêr't se de Iselmar mei oersylden. Yn Hollân wiene de fearten en sleatten meastal lytser en waard de dong oerladen yn platboaiems (fletten en preamkes). Benammen yn de begjintiid wie it swier wurk. Weake stront is swier as je it in pear kear oerlade moatte. Letter hiene de skippers lieren en kranen om skippen te laden en te lossen.

De Hollanners krigen stadichoan mear ferlet fan de Fryske stront. Yn Hollân stapten de feeboeren hieltyd faker oer op de bolletylt wêrtroch der ek krapte oan dong ûntstie: minder boeren mei fee en mear bollekwekers want "gjin bol sûnder stront", wie it sechje. De skippers út de Súdwesthoeke hiene sa'n bytsje it monopoly fan de dongfeart. Grinzer skippers kamen dêr net maklik tusken.

Pier Sijbranda hat stúdzje makke fan de boekhâlding fan syn heit om de fertsjinsten yn kaart te bringen. Yn strange winters lei de hannel stil. De fertsjinsten yn de simmers wiene neffens Sijbranda foldwaande om de winters troch te kommen.

<p>1944 12 Nov 194 ste reis De honger makke taal sangerenomen to deiden Berlommings Vliessingens Bemasterd H. R. Feboort. Op lader Wierneuk Oantwanger gemeente Vliessingens</p> <p>13 Nov geladen 19 Nov afgelost</p> <p>Vracht 100 ton a f 2,93 p t = f 293.00 Kysking a f 635 p t = f 63.50 1 loerbydag a f 12.83 = f 12.83 341.83</p> <p>onkosten provisie toer hys harmakke loodgeld skieden winger reis f 2862.384 341.83 f 3198.567</p> <p>Deze reis worwaard gelogon f 27.90 in de Hoof polster / 2 keur opre bord het kreuten aut f 13.00 de kornen voor de ande f 7.50 heur galviche post. waging f 1.90 en siben de Wiekke toudern 51.46</p> <p>totala vracht f 341.83 totala onkosten f 51.46 blift 290.07</p>	<p>1944 24 Nov 194 ste reis Lynne aangenomen de Rotterdam Aptlemking Digenburg Bernardus B. Benezinga Vat lader G. K. van O. Oantwanger Firma W. A. G. v. Looen</p> <p>25 Nov geladen 29 Nov afgelost</p> <p>Vracht 100 ton a f 2,86 p ton = f 286.-</p> <p>onkosten provisie kysking harmakke skieden</p> <p>f 28.60 f 6.38 f 4.95 f 39.93</p> <p>totala vracht f 286.00 totala onkosten f 39.93 blift f 246.07</p> <p>winger reis f 2862.384 f 341.83 f 3198.567</p> <p>welk zwinke winger reis f 286.00 f 39.93 f 3251.67</p>
--	--

- Yn it lêste oarlochsjierr waard it foar de Snitser skippers noch spannend. Op 22 septimber 1944 wie de spoarbrêge yn Nijesyl by Drylst iependraaid fanwege de spoarstaking. Yn tichte



mist rydt de trein yn it brêgegat. De Eastenrykse masinist en syn learling komme dêrby om. De Dútsers foarderren de skippen fan de Sijbranda's en de Vissermannen. Se woene ha dat dy mei har lieren de lokomotyf derút takelje soene mar dêr wiene dy lieren net op berekkene. Doe't de Dútsers seagen dat it net slagge krigen de skippers de opdracht om de oare deis har skippen yn Harns ôf te leverjen. As de need oan de man kaam koene de Dútsers har mei de skippen út de fuotten meitsje nei de eilannen of nei Hollân, bang as se wiene foar de gefolgen fan de ynvaazje yn Normandië. De skippers ferpoften it om har skippen yn te leverjen en fearen nei de Koefurt dêr't op plakken mar in meter wetter stiet. Dêr lieten se har skippen sinke nei't se yn Snits it húsrie oan wâl brocht hiene. Sels spilen se fan ruten: se dûkten ûnder by boeren yn it wetterlân fan Kalenberg. Nei de oarloch ha

se har skippen wer ûnder wetter wei helle. Sierd Visserman hat it ferhaal fêstlein en dêr lêzingen oer jûn (te finen yn it Skipfeartmuseum).

- Nei it skoft** mei kofje en oranjekoeke wie de rûnlieding troch it museum ûnder lieding fan twa frijwilligers fan it museum de hearen Osinga en Kuipers. Benammen it argyf fan de Vissers út Heech krige in protte omtinken. Dizze keaplju kochten de iel by de fiskers yn de Súdwesthoeke. Yn Londen hiene de Vissers har eigen fêste lisplak. Yn Heech stiet har filla noch altyd.